



## **Húshâldlik reglemint fan de Ried fan de Fryske Beweging**

*fêststeld troch it bestjoer op 6 septimber 2023*

### Kêst 1

1. In organisaasje dy't as Fryske bewegingsorganisaasje talitten wurde wol yn de Advysried docht in fersyk by de skriuwer. It bestjoer nimt op syn lêst seis wiken nei ynkommen fan it fersyk in beslút oer talitting. As dat beslút dan noch net naam of weromkeppele is, betsjut dat net dat de organisaasje automatysk lid wurdt fan de Advysried.
2. Yn it fersyk motivearret de organisaasje, wêrom't se fine dat se talitten wurde moatte ta de Advysried.
3. It bestjoer hâldt by it talitten fan in organisaasje rekken mei de folgjende kritearia:
  - a. De organisaasje hâldt him dwaande mei de befoarderding fan de Fryske taal en kultuer of mei in oar terrein, dat yndirekt de Fryske taal en kultuer befoarderet.
  - b. De Fryske bewegingsorganisaasje fertsjintwurdiget oare organisaasjes yn it Fryske fermidden of hat in grut netwurk.
  - c. De organisaasje makket gjin diel út fan de politike kommisje of de mienskipskommisje.
  - d. De organisaasje is by foarkar ynskreaun by de Keamer fan Keaphannel. As dat net sa is, moat motivearre wurde wêrom net.
4. It bestjoer motivearret altyd it talitten of ôfwizen fan in organisaasje en lit dat skriftlik witte oan de organisaasje.

### *Gearstalling Advysried*

### Kêst 2

1. De Fryske bewegingsorganisaasjes beneame foar de Advysried elk har eigen fertsjintwurdiger en kinne ek ien of mear fêste ferfangers beneame.
2. In Fryske bewegingsorganisaasje kin it mandaat fan syn fertsjintwurdiger ynlûke en in oaren beneame om de terminen fol te meitsjen.
3. As in troch in Fryske bewegingsorganisaasje beneamd lid tuskentiids ôfgiet, kin de oanbelangjende organisaasje fuortendaliks in nij lid beneame.

4. As de Fryske bewegingsorganisaasjes net foldwaande leden beneame, beslút it bestjoer oft en op hokker wize de dêrtroch ûntstiene fakatueres opfolle wurde.

### *Ferantwurdlikens en organisaasje*

#### Kêst 3

1. De foarsitter is ferantwurdlik foar it mei-inoar oprinnen (de koördinaasje) fan alle wurk dat yn it ramt fan de Stifting dien wurdt. Hy liedt de gearkomsten fan de Stifting en it bestjoer.
2. ..
  - a. De skriuwer is ferantwurdlik foar de ferslachjouwing fan Stiftings- en bestjoersgearkomsten, it opstellen fan it jierferslach, it foarlizzen fan de ynkommen stikken oan it bestjoer en/of oan de Stifting, it opstellen fan offisjele stikken, it briefkjen en de lede- en stipersadministraasje.
  - b. De skriuwer kin bystân krije fan in twadde skriuwer en/of in administratyf meiwurker.
  - c. It ferslach fan de gearkomsten fan de Stifting en fan it bestjoer moatte op syn minst de besluten en de konklúzjes werjaan. Yn de ferslaggen hoege mienings inkeld opnommen te wurden as in lid dat freget.
  - d. De skriuwer is ferantwurdlik foar it tastjoeren fan de oantekens fan de bestjoersgearkomsten oan de leden dêrfan en foar it tastjoeren fan de riedsferslaggen oan de riedsleden.
  - e. It digitaal ferstjoeren fan stikken en korrespondinsje is likegoed jildich as it ferstjoeren mei tradisjonele post.
3. ..
  - a. De ponghâlder is ferantwurdlik foar it finansjeel behear.
  - b. De ponghâlder beheart de jildmiddels, jout oan de Stifting en it bestjoer, sa faak as nedich is of frege wurdt, ynljochtingen oer de jildsaken en bringt op de jiergearkomsten in jierrekken en in op it aksjeplan ôfstimde begrutting nei foaren.
  - c. De ponghâlder kin bystân krije fan in twadde ponghâlder en/of in finansjeel-administratyf meiwurker.
  - d. De ponghâlder hat it foech om te beslissen oer it oangean fan ferplichtingen oant € 1.000.

#### Kêst 4

1. De Stifting kin betelle meiwurkers beneame, nei't der in iepen sollisitaasje foar sa'n funksje west hat. De Stifting jout harren in ynstruksje, dy't ferwize kin nei in kollektive wurkoerienkomst.
2. De Stifting kin ek frijwillige meiwurkers beneame, dy't inkeld in fergoeding krije.
3. De bestjoersleden kinne foar de bestjoerstaken in fergoeding krije.
4. De fergoeding foar bestjoer en frijwilligers wurdt bepaald op grûn fan de regels foar frijwilligersbydragen yn de 'Wet Loonbelasting'. Dejingen dy't oanspraak meitsje wolle op de frijwilligersfergoeding tsjinje op syn lêst op de 15<sup>e</sup> fan de neikommende moanne in deklaraasje yn, of oars foar 30 desimber fan it kalinderjier.
5. Meiwurkers, kommisjeleden en frijwilligers meie yn gearkomsten fan de Advysried it wurd fiere. It bestjoer kin harren útnûgje ta it bywenjen fan bestjoersgearkomsten.

## *Bydragen fan organisaasjes en stipers*

### Kêst 5

1. De gewoane stipers betelje in jierliks bedrach dat net ûnder in troch it bestjoer fêst te stellen minimum komt. Foar jongereinstipers oant en mei 25 jier kin in leger bedrach fêststeld wurde. Foar elk kalinderjier wurdt it minimumbedrach foar dat kalinderjier fêststeld.
2. De Fryske bewegingsorganisaasjes en de stipers krije de periodiken fan de Stifting tastjoerd.

## *Ferslaggen en Begruttingen*

### Kêst 6

Alle jierren foar 1 april stelt it bestjoer yn in bestjoersgearkomste de jierferslaggen (fan it foargeande jier) fan de skriuwer en de ponghâlder fêst, lykas it aksjeplan en de begrutting foar it kommende jier.

## *Adviseurs, Kommisjes*

### Kêst 7

1. Adviseurs wurde troch it bestjoer beneamd.
2. Kommissjeleden en fertsjintwurdigers fan de Stifting by oare organisaasjes, wurde troch it bestjoer beneamd en ûntlêstige.
3. Kommisjes en fertsjintwurdigers moatte op syn minst ien kear yn it jier ferslach oan it bestjoer útbringe.
4. De foarsitter en syn plakferfanger hawwe it rjocht om, nei kundskip yn it foar, de gearkomsten fan kommisjes by te wenjen, al of net beselskippe fan oare bestjoersleden.

## *Media*

### Kêst 8

1. De Stifting kin, al of net yn 'e mande mei oaren, ien of mear papieren of digitale media útjaan. Fryskebeweging.frl, Itnijs.frl en Startside.frl wurde sjoen as in digitaal medium.
2. It bestjoer hat te kedizen oer aard, omfang en it bekostigjen dêrfan en oer in eventueel oparbeidzjen mei oaren.
3. Foar de redaksjes fan media jildt wat yn kêst 7 oer kommisjes fêstlein is. It bestjoer kin foar de redaksjes fierder in reglemint fêststelle.
4. De blêden wurde yn alle gefallen tastjoerd oan de Fryske bewegingsorganisaasjes, de stipers en eventuele losse of kollektive abonnees.
5. De administraasje fan blêden en fan oare publikaasjes wurdt berêden ûnder ferantwurdlikens fan it bestjoer.

## *Einkêst*

### Kêst 9

Oer kwestjes dy't net regele binne yn it húshâldlik reglemint, beslút it bestjoer.